



PAKE SYTSE 'S LIBBENSTIER
(Opa Apestaartje punt nl)

Blijspul yn trije bedriuwen

Troch

WILMA RENES LEERTOUWER

In bewurking yn it Frysk

fan

Appie Nutters

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PAKE SYTSE 'S LIBBENSTIER – OPA APESTAARTJE PUNT NL** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **WILMA RENES-LEERTOUWER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2015 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten**

van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Sytse Troast - 70 jier, in kwierige keardel.

Loltsje - syn âldste dochter, truttich, ûnwis en hiel sekuer, 35 jier.

Evert - soan, in floatige fint., 30 jier.

Edou - jongste dochter, aardich fanke, 28 jier.

Adelbert Knypstra - skoansoan, in glûpert, op'e sinten, 35 jier.

Betsje - fersoarchster yn it soarchsintrum, fleurich, âldens frij.

Lyske de Roas - fersoarchster yn it soarchsintrum, âldens frij.

Murk - technyske tsjinst, behelpsum man, âldens frij.

Betse Dirx - boppe buorman ; yn de war (*as tûk*), 70 jier.

Juffer Hiske Braaksma - direkteur, pinnich, sûnder humor, 40 jier.

5 mânlju en 5 froulju.

TOANIEL:

In hast lege keamer. Kasten ensafuorthinne binne al fuort. Oeral steane doazen. Yn it soarchsintrum yn alle gefallen in keuken, net yn't sicht (*nis*) Fierdere oanwizings fierderop yn it toanielboekje.

EARSTE BEDRIUW

EARSTE TOANIEL

It begjint mei de húskeamer fan Sytse Troast. Keal en leech. Ferhúsdoazen steane trochelkoar yn de keamer. Sytse sit op in stoel en de bern binne dwaande de lêste dinkjes yn te pakken.

Loltsje: Sis heit, wat wolle jo mei al dy boeken?

Sytse: Hokfoar boeken?

Loltsje: No, dizze.

Sytse: *(lûkt oan syn skouder)* Tsja..

Loltsje: besjoch se mar even, dan hear ik it noch wol.

Edou: Sis heit, ik haw hjir alle skilderijen byelkoar stean, wolle jo se allegear meinimme, of moatte der ek guon fuort?

Sytse: Tsja...

Evert: *(hâldt in skilderij mei in moaie bleate frou der op om heech, net te bleat)* Mar dit natuermonumint dogge jo net fuort no heit?

Sytse: Nee jonge, de Madonna yn it grien giet mei.

Loltsje: Heit, dat miene jo net...! Dat ding giet net mei!

Sytse: Wêrom net?

Loltsje: Skandalich...! Freeslik dat ding! Dat kin net yn sa'n kreas en kein hûs hingje, hear!

Sytse: Dêr is dochs neat mis mei?

Evert: Sis ris suske, wat is der mis mei?

Loltsje: *(sjocht him ferneatigjend oan)* Evert.., ik hie dy wizer ha wold.. *(rint mei it skilderij fuort)*

Sytse: Ho, ho, wêr sil dat hinne mei dat skilderij?

Loltsje: Dat set ik by dy oare skilderijen dy't fuort kinne.

Sytse: No sis!

Loltsje: *(tinkt nei)* Oh nee, dat kin net.

Sytse: No lokkich mar.

Loltsje: Nee, fansels net... De mânlju fan de jiskewein moatte it net sjen! Nee, ik nim it mei nei hûs, lit ik it diskreet ôffiere, ja dat doch ik! *(ôf mei skilderij)*

Edou: Ja, dat kinst Adelbert wol tabetrouwe.

Evert: Diskreet ôffiere seit se, dat hinget aanst moai op syn kantoar.

Edou: Diskreet achter in kastdoar, mar leau dat mar net!

Sytse: En heit hat der neat mear oer te sizzen?

Evert: Och heit lit mar... Jo witte hoe't se is. Ik fiskje it der aanst wol tuskenút, dat hat se dochs net troch.

Edou: Al wer in doaze fol... It sjit moai op, heit!

Sytse: Tsja..

Evert: De earste fracht haw ik al nei Skoatterhiem brocht. Ik ryd de bus eefkes foar, dan kin it lêste guod der yn, ôfpraat?

Edou: Prima.

Sytse: Ja, dat is goed, jonge.. (*Evert ôf, Sytse rint yn de keamer om*) Keale boel, hear! Neat oan!

Edou: Sa'n hûs is noait gesellich...

Sytse: Mar gesellich wie't altyd wol, fynst ek net?

Edou: Wis..., jo hiene it altyd goed foarelkoar.

Sytse: (*sit, mismoedich*) Ja bern, jim mem wist wol hoe't se it gesellich meitsje moast. Ik haw prebearre it sa te litten doe't se der net mear wie, mar ja hjir en dêr ferskoat dochs wolris wat.

Edou: (*giet by him sitten*) Dat jout dochs neat...? Ik bin der wis fan dat se it goed fûn hie..

Sytse: En no... no is alles fuort.. (*suchtsjend*) It falt net ta, hear!

Edou: Nee, heit, dat leau ik ek wol..

Sytse: Hoefolle jierren ha wy hjir wol net wenne? Earst mei jim mem en letter allinne.. Hiel wat jierren! En dat moat ik no achterlitte.. (*suchtet*)

Edou: Mar jo moatte ek foarút sjen, heit. Jo witte sels ek wol dat it sa net mear kin. Jo hawwe mear fersoarging nedich en dat krije jo yn dat hûs..

Sytse: Gesticht!

Edou: Heit...! Dat soene jo net mear sizze.. It is gjin gesticht en ek net in finzenis.. Jo krije dêr in prachtige keamer dêr yn Skoatterhiem.

Sytse: En dochs is it in gesticht!

Edou: (*laitsjend*) Alde fûterkont! (*tutet him en komt oerein*) Ik sil fierder ynpakke. Alle fertroude dingen gean mei en jo sille sjen, dan fiele jo je dalik thús.

Sytse: Dat meist dan ek wol tsjin dyn suster sizze, as dy har sin kriget sit ik dalik yn in hiel nij ynterieur.!

Edou: Komt wol goed.

Loltsje: (*komt op mei in doaze*) Sis heit, sjochris wat ik tsjin kaam bin? Neffens my kin dit allegear fuort.

Sytse: Lit ris sjen...? Nee dat kin net fuort, dat haw ik noch krige fan jim omke Jehannes.

Loltsje: (*mispriizgjend*) No dan net... En dit dan?

Sytse: Nee, dat ek net, dat haw ik fan Evert krige, fan syn earst fertsjinne lean.

Loltsje: Mar heit, hoe kin ik no opromje as jo alles bewarje wolle!.

Sytse: Ik wol hielendal net opromje, dat dochsto!

Edou: Heit.., moat dit ek mei?

Sytse: Eh... ja, doch mar... en dat dinkje dêr nêst ek mar.

Loltsje: Mar heit...

Sytse: Dat byldsje.., dêr wie jim mem sa wiis mei, dat moat mei.. En dat oare haw ik yn de oarloch fan Pyt de Bakker krige..

Edou: Dan pak ik dat ek yn.

Loltsje: (*stekt in wanskepen ding omheech*) Dit nimme jo al mei no?

Sytse: Hin...? Dat...? Nee, smyt dat mar fuort!

Loltsje: (*snokt it út*) Wèh..., dat hawwe jo noch fan my krige...!! Wèh..., doe't ik mei in skoalreiske west hie....!!

Edou: Oehh.!

Sytse: Ferdoarje, ik doch it ek nooit goed! (*besjocht it ding*) Se hat gelyk, ik wie't hielendal fergetten. Dat wie de earste kears dat se mei in skoalreiske wie... Ik sjoch se noch werom kommen yn har reade jaske, deawurch wie se.. Wat stom fan my! Hjir pak mar goed yn! It kriget aanst in eareplakje yn dat gesticht.

Edou: Heit!!

Sytse: ... yn Skoatterhiem... (*oerein*) Ik sil sjen as ik it wer goed meitsje kin.. en ik sil tagelyk freegje of se in bakje kofje sette wol.. (*ôf*)

Edou: Doch mar... Ik bin hast klear. (*sjocht om har hinne*) Hy hat gelyk, it falt net ta, foar ús allegear.

Evert: (*op*) Sa.., de bus stiet foar, wy kinne de boel der yn dwaan...! Hea, wat stietst der nuver hinne, is der wat?

Edou: Hin.., wat...? Och neat..!

Evert: (*sjocht har ûndersykjend oan*) Oh...

Edou: (*lûkt oan har skouder en skriemt hast*) No ja, ik fyn it gewoan net moai mear.., heit is der hielendal ôf.., makket in ferkearde opmerking tsjin Loltsje...Loltsje fan de kaart.. en ik fyn der ek neat mear oan.

Evert: (*lûkt har tsjin him oan*) Ah.. jo.., kom op...,sa slim is it no ek wer net...!

Edou: Mar ik fyn it sa slim foar ús heit... Hy hat it der dreech mei.

Evert: Fansels..., dat begryp ik ek wol... It is ek mar neat om op jo âlde dei noch te ferhúzjen.., mar it is no ien kear net oars!

Edou: Heit wie altyd sa'n flinke man.., hy die alles altyd sels.., ja no?

Evert: Jawis.. en do koest altyd op him rekkenje.

Edou: En doe't mem wei kaam te reitsjen, hoe flink wie der doe net! Noait sangerje.., nooit kleie, sels de wosk die er sels.

Evert: Ja, dat is wier.., petsje ôf hear!

Edou: Krekt... en dan sjochst him stadichoan achterút gean.

Evert: Hy mei noch net iens kleie.., de measten fan syn jierren binne der minder oan ta.

Edou: Dat wit ik ek wol.. en dêr bin ik ek tankber foar.., allinne...
(*suchtet*)

Evert: Hast altyd hoop hân dat der hjir wenjen bliuwe koe... Tsja...
(*sjocht foar him del en krijt in doaze as sokssawat*) Mar dat kin net
mear faam.., heit hat tefolle help nedich en wy wenje no ien kear
net deunby... No kop der foar, der is noch in soad te dwaan.

Edou: Heit soe Loltsje freegje kofje te setten

Evert: Ja, lekker... Ik bring dit even nei de bus hear. (*ôf. De tillefoan
rinkelt, Edou wachtet eefkes oft Sytse komt en nimt dan op*)

Edou: Mei it hûs fan Sytse Troast..? Oh.., Adelbert..., Loltsje? Ja, dy
is der, ik sil se even roppe., momintsje. (*ropt om'e doar*) Loltsje...,
tillefoan!

Loltsje: (*op*) Tillefoan foar my?

Edou: Ja, Adelbert.

Loltsje: Oh... Skinkst eefkes kofje yn?

Edou: Ja, ynoarder.. (*ôf*)

Loltsje: Ja leave.., sorry.., ik wit datst de tillefoan fan de baas net lang
beset hâlde kinst.... Hin.., wat? Oh, dat soe moai wêze... Kinst mist
wurde op dyn wurk? Oh.. lokkich.. Giest al even by hûs lâns om
dyn korset om te dwaan hen.., mantsje? Dyn skuon mei stielen
snúten steane yn de garaazje.. en dyn stofjas hinget dêr ek... yn in
plestikhoes, ja... No oant dalik..., leaverd... Oh, Adelbert...., nim wol
de beskermhoes foar dyn fyts mei.., hy kin no net binnen stean...
en it is oeral drekkerich... Oh en Adelbert..., ja,ja, ik sjit op..., mar..
(*sjocht heimsinnich om har hinne. Se begjin sûntsjes te praten*) Ik
haw heit einliks safier krige dat er dat ôfgryslke grouwélige skilderij
fuort docht.., do witst wol dat... krekt! En dat moatst dalik ast
thúskomst fuort wurkje.... No oant aansen!

Sytse: (*op*) Wie dat Aalbrecht?

Loltsje: Adelbert heit, ja yndied.. Hy komt hjir hinne om te helpen.

Sytse: Ah.., wurdt it noch gesellich ek...

Edou: (*op, folge troch Evert*) Sa..., hjir is de kofje.

Sytse: Lekker.

Loltsje: Hast alle kopkes wol goed omspield..? (*mei skean each op
Sytse*) Se wurde net sa faak brûkt fansels...

Edou: Ja hear, ik haw se desynfektarre!

Evert: Hast de mûzekeutels ek út de sûkerpot helle?

Loltsje: Flau hear! (*se sitte allegear op krukjes en de doazen en op'e
flier. Loltsje perfoarst net op'e flier, foardat se sitten giet stoffet se
de sitting fan de stoel ôf*)

Sytse: (*leaf tsjin Loltsje*) Lekker bakje hear bern.

Loltsje: Ja, lekker kaffeïne frij..., fan de wrâldwinkel.

Sytse: Ik wist net dat ik dat hie...

Loltsje: Hawwe jo ek net... Haw ik meinommen.. It bontsjje haw ik bewarre; wy rekkenje aanst wol.

Sytse: (*fernuvere*) Oh...?

Evert: Ja, net ferjitte suske, oars strykt de kas jûn net by Adelbert!

Edou: Moatst altyd noch elke sint ferantwurdzje by Adelbert?

Loltsje: (*ûngemaklik*) Och... ferantwurdzje... Adelbert wol graach witte of wy wol effisjint mei syn salaris omspringe...

Evert: Mei syn salaris...? Krekt as soesto noait wat dwaan..

Sytse: (*fluch*) Ik sil aanst dalik wol mei dy ôfrekkenje, hear! It is in prima bakje hear! (*se drinke stikum de kofje, sûnder in wurd te sizzen*)

Evert: Sa heit.., no sille wy it lêste ynlade.. en dan op nei Skoatterhiem!

Sytse: (*suchtsjend*) Ja jonge, it moat dan mar.. (*sjocht om him hinne*)

Loltsje: It is foar jo eigen bêst, heit! (*faget him ûnderwilens de mûle ôf*)

Sytse: (*kribbich*) Ja, dat wit ik wol... En hâldt dêr mei op, ik bin noch net senyl!

Loltsje: (*gûlerich ôf*) Ferhip no..., ik doch it ek noait goed!

Sytse: (*sjocht har nei*) Hè.., ferdoarje.!

Edou: (*earm om Sytse hinne*) Lit har mar, heit... It is foar ús allegear in bytsje muoilik..

Sytse: (*mei in snok yn'e stimme*) It falt net ta, bern..., it falt net ta.

Edou: Ik wit it... (*se bliuwt eefkes sitten, deun tsjin him oan, dan hellet Sytse syn bûsdoek út de bûse en snut syn noas. Edou faget har treannen fuort en komt oerein*)

Sytse: (*kochelt en makket in man út*) Ik sil de buorlju dei sizze... Ik kin hjir dochs ek neat oan dwaan.

Evert: Hiel goed, heit.. (*slacht syn earmen treastgjend om Edou hinne*) Kom suske, dan helje wy it lêste guod út de sliepkeamer.... (*beide ôf*)

Loltsje: (*noch neisnokjend*) Ik sil de kofjekopkes mar opromje..., nimmen wol mear kofje ha.. Wat in tastannen.., ik wurd der dochs sa senuweftich fan, hen.. (*wabbert mei de stofdoek om alle hoekjes en hintsjes hinne*) Sjoch noris sa fies.. Net goed foar sa'n âlde man.. Ik fyn it ek net moai, mar it kin net oars... Skoatterhiem is sa smûk en skjin...

Evert: (*op*) Boppe is alles opromme, no de keamer noch.. en it lêste guod út de keuken wei, dan is't klear..

Loltsje: Is't wier? Mar Adelbert komt noch om te helpen..

Evert: Skilje him mar dat er dalik mar yn Skoatterhiem komme moat,

dêr is genôch te dwaan. (*sammelt alle dingen*)
 Loltsje: Dalik mar.., oars is er fuort.. (*draait nûmer*)
 Evert: (*yn himsels*) Op syn persoanlike fyts!
 Loltsje: Hallo.., mei wa praat ik? Mei de sekretaresse fan Adelbert Knyppstra?? Sûnt hoenear hat Adelbert in sekretaresse? Jo prate mei mefrou Knyppstra... Is myn man der ek? Ik moat eefkes mei him prate... Hoe woene jo sizze? Yn in minne posysje? Dan helje jo him dêr mar út! It driuwt! Neffens my moatte jo minder smoke, jo stimme heart my benaud yn de earen.! (*Evert sjocht fernuvere*) Adelbert..? Oh.. moai.., do bist der noch.. Sûnt hoenear haststo in sekretaresse? Oh do bysfeint... Hin..? Hoesa bysfeint..? Do koest wol kjel wurden wêze! Ik wit no wol wat der te rêden is.. Do hast stikum promoasje makke.! Dêrom hast in sekretaresse fansels! Wêrom himest sa? Hast hurd rûn?... Oh, do bist mei in min putsje dwaande.. No sorry dat ik steur.. Kom dalik mar nei Skoatterhiem ta... Ofpraat! Mar fluch werom nei dyn karweike..., Dei leave..!
 Evert: Soa..., hat Adelbert tsintwurdich in sekretaresse?
 Loltsje: Ja, se wiene sa drok dy twa...
 Evert: Soa...?
 Loltsje: Hy is dêr ûnmisber, myn Adelbert...!
 Evert: No sa te hearren hat er syn saakje.. 's goed foarelkoar.!
 Loltsje: Oh.., ik bin sa grutsk op him, hen..? Wat in kanjer! (*ôf*)
 Evert: (*skodhollet*) Wat in kloaris! No, dêr giet it lêste guod. (*mei it guod ôf. Eefkes is it toaniel leech, dan komme Sytse, Edou, en Loltsje op. Se hawwe harren jassen oan*)
 Edou: No heit, alles is fuort, no wy noch..
 Sytse: Ja..
 Loltsje: Evert is al ôfstutsen mei jo guod.. Sille wy dan mar?
 Sytse: Ja..
 Edou: Kom mar.. (*hâldt de doar iepen*)
 Sytse: Ja.. (*sjocht noch ien kear om him hinne en docht dan suchtsjend de doar achter him ticht*)

DOEK!

TOANNIEL TWA

As it doek iepen giet binne wy yn de keamer fan it soarchsintrum Skoatterhiem. Der stiet in bêd lâns de kant-, in linnekast-, in yttaffeltsje en wat stuollen. Lâns it lewant in kastje mei in ynterkom. In trochgong nei de nis, dêr't in keukenblok stiet. In doar nei de dûs/w.c., dizze kin ek yn de keuken. In finster. Fierder steane der doazen dy't foarút brocht binne. De doar giet iepen en direktrise Braaksma komt der yn mei Sytse, Edou en Loltsje.

Direktrise: Sa.., kom der mar yn.. Sjochris oan, menhear Troast, hjir is jo keamer. No..., hoe liket it? Geryflik en smûk, netwier?

Sytse: *(sjocht om him hinne, net entûsiast)* Och ja..

Direktrise: Net al te entûsiast, hear! *(tsjin Edou)* Jo heit is in bytsje depressyf!

Edou: *(ferbjuster)* Wolnee!

Direktrise: Jout neat hear! Dat krije wy der wol út. It is hjir in gesellich hûs, mei bliere bewenners. *(tsjin Sytse)* En dat wolle wy graach sa hâlde.

Loltsje: Sjoch noris heit, sa'n moaie keamer en moat jo noris sjen, sa'n prachtich útsjoch! *(Sytse en Loltsje rinne nei it finster ta)*

Sytse: In drokke strjitte en oan de oare kant in tsjerkhûf. *(synysk)* Bern, dat haw ik no altyd graach wold, hen!

Loltsje: Mar... mar, moatte jo noris sjen hoe moai grien de beammen binne en dat strewelleguod op dat tsjerkhûf!

Edou: Jo moatte der even oan wenne fansels.

Sytse: Ja, dat sil't wol...

Direktrise: Dat útsjoch op in drokke strjitte fine de bewenners no krekt sa moai.. Dat jout harren it gefoel... - ja, hoe sil ik dat no sizze.. -, dat se dielnimme oan de maatskippij. En it tsjerkhûf... - ja, dat is no krekt sa rêstjouwend, netwier?

Sytse: Rêstjouwend? In deade boel is't!

Loltsje: Heit!!...

Direktrise: Ik bespeur by jo in.. blokkade; in soarte fan wrok, menhear Troast! Dat is net goed, dêr moatte jo ôf sjen te kommen! Ik sil foar jo in ôfspraak meitsje mei de maatskiplik wurkster...

Sytse: Ik hoech gjin maatskiplik wurkster, mei mankearret neat!

Direktrise: *(tsjin Edou en Loltsje)* Oei..., de ûntkennings fase..! Tsja..., dat is altyd in minne boel..., mar dêr pript se wol trochhinne.

Evert: *(op mei in soad herje en in earm fol doazen. Achter him oan komt Murk, ek mei doazen en guod)* Sa, hjir binne de stjittroepen... De mouwen omheech dames!

Murk: Poeh..., swier hear!

Evert: (*tsjin de direktrise*) Goemoarn.. Evert Troast, de soan fan.. (*wiist nei Sytse, grappich*) En jo binne de frou fan it hûs?!

Direktrise: (*úterst koel*) Ik bin de direktrise, ja... Braaksma is de namme..., juffer Braaksma. En mei ik jo der op wize yn't foaren wat rêstiger te dwaan? Us bewenners hâlde fan rêst en privasy..

Evert: Sorry.

Direktrise: Ik lit jim no allinne.. Mei ik jim der op wize, dat it regel is dat jim pas fuort meie as menhear hjir folslein ynstalearre is? Us ûnderfining is nammentlik, dat de minsken slim út harren dwaan reistje at se achterlitten wurde mei doazen en oare troep.

Loltsje: Oh ja, fansels!

Direktrise: Moai... Murk..., ast klear bist ferwachtsje ik dy ûnder foar it normale wurk. En jo menhear Troast ferwachtsje ik om fjouwer oere presiis yn myn kantoar foar in yntake besprek. Jo kinne jo by de resepsje melde..., dan bringe se jo nei myn kantoar ta. Oant sjen!
(*ôf*)

Murk: Dei, juffer Braaksma....

Loltsje en Edou: Dei...

Evert: Alderferskuorrendst..., wat in serpint sis..!!

Sytse: Ik sei it al, in gesticht!

Murk: Och, se falt wol ta.., fral ast har in bytsje ûntrinne kinst.

Edou: It liket my in bydehant ta..

Loltsje: In ûnfatsoen is't! Sa't se tsjin heit - en fral oer heit prate! As myn Adelbert der by west hie, hie dy har wol in takke tebek set, dat kin ik jim al sizze!

Evert: Ja, wêr bliuwt dyn Adelbert eins?.Hy hie hjir allang wêze kind..

Loltsje: Hy wurket oan toelve oere ta en gjin minút koarter... Hy sil sa wol komme. (*de doar swaait iepen. Betse Dirx komt der yn, sykjend floitsjend en roppend*)

Betse: Beike..., kom dan, Beike... Wêr is er dan, jong?

Murk: Oh nee, hen! (*tsjin Betse*) Menhear Dirx, jo binne hjir ferkeard hear!

Betse: Jongkeardel..., ik hjit net Dirx..., ik hjit.... ik hjit... No ja.., wat kin't ek skele.. (*tsjin de oaren*) Hawwe jim faaks myn Beike ek sjoen? (*siket wer en triuwt sa no en ta ien oan kant*) Beike... Beike..., kom dan jonge.. Dat dekselse bist is der útnaaid.!

Murk: Menhear Dirx wennet in etaazje heger, hy is regelmjittich wat yn de war.. No is er syn hûntsje wer kwyt.. Kom mar menhear Dirx, dan sil ik helpe te sykjen. (*mei Betse nei de doar*) Ik kom daliks werom.. (*mei Betse ôf*)

Evert: No, heit, sa te sjen hoege jo je hjir net te ferfelen.

Loltsje: Wat in frjemde man is dat. Jo meie de doar wol goed op slot dwaan, se rinne hjir samar út en yn!

Edou: Och, dy man is gewoan yn de war..

Sytse: Ja, dy sit hjir al langer fansels... Takom jier rin ik hjir ek om myn hûntsje te floitsjen!

Loltsje: Heit, sis dochs net fan dy nuvere dingen!

Edou: Alde fûterkont... Sille wy mar begjinne? Stiet der noch guod yn de auto, Evert?

Evert: Ik tink noch sa'n fracht as trije... Ik sil mar wer nei ûnderen.. As dy Murk werom is stjoer him dan ek nei ûnderen om te helpen...
(ôf)

Edou/Loltsje: Okee. *(begjinne de kasten yn te romjen ens)*

Sytse: Kin ik ek wat dwaan?

Edou: Ja, regelje...! Wêr moat dit hinne? *(lit him in doaze sjen)*

Sytse: Wit ik folle? Set mar yn de keuken... *(Edou ôf keuken)*

Loltsje: Dizze twa doazen kinne ek nei de keuken... Soene jo leaver net eefkes rêste wolle, heit?

Sytse: *(koart)* Ik bin net wurch!

Loltsje: Mar jo binne al in hiel skoft yn't spier!

Sytse: *(koart)* Ik-bin-net-wurch!

Loltsje: Jo dogge wol in bytsje eigenwiis, heit.. Jo soene...

Sytse: Ik bin.... *(hâldt him ynienen yn)* Loltsje... as ik wurch bin, jou ik my wol del..., goed?

Loltsje: My bêst.Jo moatte mear op josels passe! *(mei doazen keuken ôf)*

Sytse: *(monkelt yn himsels)* Dat dochsto wol bern... *(der wurdt kloppe, Adelbert wurdt brocht troch Lyske)*

Lyske: Goemiddei.. *(laitsjend)* Dizze menhear wie't paad kwyt.. ; ik woe him mar eefkes hoede en noedzje! *(fûstket mei Sytse)* Moai mei jo yn de kunde te kommen. Ik bin Lyske de Roas.

Sytse: Sytse Troast.

Adelbert: Ik wie it poad net kwyt..., ik..., ik seach wat om my hinne.. *(fûstket mei Sytse)* Goemiddei skoanheit.

Sytse: Ah..., dy Aaldert.

Adelbert: Adelbert, skoanheit! Wat in prachtich optrekje! Kreas hear! *(sjocht om him hinne)*

Sytse: *(besjocht Lyske mei nocht)* Wat in ferromming... Ik wie al bang dat se allegear sa wiene as juffer Braakmiddel!

Lyske: Juffer Braakmiddel?? *(laitsjend)* Oh, juffer Braaksma..! Oei, tink der mar om, menhear Troast, juffer Braaksma fynt it net aardich as der grapkes makke wurde oer har namme.

Sytse: Juffer Braaksma fynt neat aardich as jo it my freegje.

Lyske: Och falt wol ta.. (*sjocht dêrby fies*) Ik hoopje dat it jo hjir goed nei't sin wêze sil.

Sytse: Tankjewol.

Loltsje: Adelbert.., dêr wiest dan lang om let.

Lyske: Ik gean mar wer, mar ik kom gau werom om echt mei jo yn de kunde te kommen, dooch (*ôf*)

Sytse: Doch dat, ik sjoch der no al nei út!

Adelbert: Wat bedoelst mei “ lang om let “? Witst wol hoelang ik der oer fyts?

Loltsje: Sa bedoel ik it net!

Adelbert: Fan myn wurk nei hûs is krekt sân minúten en fiifentertich sekonden- wyn mei; tink der om! Myn attasjeekofferke opromje en my ferklaaie yn njoggen minúten krekt, mar dan... Hjir hinne! Achtenfjirtich minúten en toalve sekonden hear! Wêrom hast ek net op my wachte? Dan hie'k meiride kind mei de auto. Witst wol hoe min it foar myn rêch is sa'n ein fytsen?

Loltsje: Och earme, earme stumper! Sil ik dy even massearje? (*begjint syn rêch te massearjen*)

Adelbert: (*lit it even gewurde, mar dan kribbich*) Loltsje, net no..! Net dêr't elkenien by is!

Edou: (*ûnderwilens op, sjocht ien en oar oan*) Hoi, Adelbert! Moai datst der bist.

Adelbert: Hallo, Edou..

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto